Alles oan ‘e hang

alles oan ‘e hang
wa wol yn ‘e sokken
fan wa stean

keatsers binne de bal
it folk hâldt de siken yn
wat docht de wyn

de wyn is de bal
keatsers hâlde de siken yn
wat docht it folk

it folk is de bal
de wyn hâldt de siken yn
wat dogge de keatsers

de keatsers stean
yn ‘e sokken fan elkenien
alles is oan ‘e hang

Meindert Bylsma

(foar it earst publisearre yn:
It spul troch it gat sjen (2003).

PC 2005 fan Chris Wassenaar

Fan ‘e wize fan keatsen fan Chris Wassenaar út Minnertsgea kin men faak gjin hichte krije. Oan de iene kant binne de taskôgers troch syn ‘ferwoestende’ opslaggen optein (syn opponinten yn it perk tinke der fansels oars oer), mar oan de oare kant hat Chris syn wikselfallige riten en liket it soms dat er nei de ein fan it seizoen útsjocht. Sûnder dat wy dêr statistyske bewizen foar oandrage kinne, liket it der wol op dat er yn de rin fan de jierren wol hieltiten konstanter wurden is.

Fan 1994 ôf aktearret de ‘Reus út Minnertsgea’ al op it heechste nivo, mar pas doe’t Pieter van Tuinen yn 1996 as foarbêst-opslagger in ‘ferbûn’ mei him sleat, giene de resultaten hurd foarút. Op de PC 1997 pakten hja (mei Rinse Bleeker as foarynse) de winst. Opfallend detail: Chris krige oer de hiele dei as opslagger mar ien boppeslach tsjin. Fan 1998 ôf bestie it partoer út Van Tuinen, Kuipers en Wassenaar. Dy formaasje helle 40 oerwinnings. De PC-oerwinning yn 2001 wie fansels de moaiste.

Oerwinning op it Nederlânsk Kampioenskip fan 2005. Flnr: Cornelis Terpstra, Chris Wassenaar, Jacob Wassenaar en begelieder Koos Faber. Foto: Keatsmuseum.

Oan de ein fan it seizoen 2003 sette Van Tuinen in punt achter syn kariêre as haadklasser. Om’t doe it systeem fan de sykly al ynfierd wie, koe der net sa maklik in baas-opslagger as ferfanger oansocht wurde. Boppedat woe Chris Wassenaar de taakferdieling fan syn partoer op ‘e helling sette. Chris naam de earste opslach foar syn rekken, wylst er ek syn plak yn it efterperk hâlde. Uteinlik fersterke Rutmer van der Meer yn it folgjende seizoen it partoer. In jier letter kaam der noch in mutaasje. Om’t Chris graach de lêste jierren fan syn keatslibben ôfslute woe mei syn broer Jacob as foarynse, moast André Kuipers nei in oar partoer omsjen.

It jier 2005

It sil tefolle sein wêze om de lêste feroaring as reden oan te jaan dat it seizoen 2005 sa’n boppeslach waard. Feit is dat Chris Wassenaar mei izeren hân regearre. Syn feriening swaaide by de ôfdielingswedstriden de skepter en wol sadanich dat de oermacht fan in ôfdielingspartoer yn ien jier nei alle gedachten nea sa grut west hat. Cornelis Terpstra, Jacob en Chris Wassenaar fertsjintwurdigen yn dy gearstalling Minnertsgea yn Weidum en op ‘De Bond’. Ek yn Tsjummearrum waard wûn, mar doe die Ruurd de Vries mei foar Cornelis Terpstra. Opteld spilen hja yn Weidum en op de Bond tolve partijen en har opponinten krigen it behindige oantal fan njoggen earsten oan ‘e tillegraaf.